



ZON-DAG BOEK



PROTESTANTSKE GEMEENTE Wurdum Fr e.o.

**Snein, 2 jannewaris 2011
Moarnsbea**

Tsjinst fan tarieding



De alderling fan tsjinst hjit
ús wolkom yn dizze earste
tsjinst fan it nije jier.

As iepeningsliet sjonge wy
Gesang 1:

*God heeft het eerste
woord.*

*Hij heeft in den beginne
het licht doen overwinnen,
Hij spreekt nog altijd voort.*

Nei de bemoediging folget it gebed op 'e
drompel.

Lêzing en oertinking

De lêzing is út Galatiërs 5; de ferzen 13 – 23. It



ferhaal giet oer de
Kristlike frijheid: "Wat
jimme oanbelanget,
bruorren, jimme binne
roppen om frij te wêzen.
Mar lit dy frijheid gjin
ferlechje wêze om jim
ferkeard aard bod te

jaan...."

Even fierder giet it oer de frucht
fan 'e Geast en de wurken fan
'e ferkearde minske: "Mar ik sis
jimme: lit jim yn jimme libben
liede troch de Geast, dan sille
jimme wis net dwaan wat jim
ferkeard aard begeart....".

Ds. Wagenaar giet hjir fierder
yn syn oertinking op yn.



De oertinking wurdt folge troch in amerij stiltme
en oargelmuzyk. Oanslutend sjonge wy Gesang
252: "Wat zijn de goede
vruchten, die groeien aan de
Geest".

Blommen

De blommen fan âldjiersjûn binne
stean bleaun.



Dankgebed – foarbeden – stil gebed

Nei it dankgebed en de foarbeden bidde wy mei
elkoar it Us Heit.

Kollekten

De earste is foar de sinding, de twadde foar de
tsjerke.

As
slietliet
sjonge
wy: "Hear
wês by ús
oant de
oare
kear."



Seine

Oan de ein fan de tsjinst
ûntfange wy de seine
fan de Hear.



Kofjedrinken

Nei de tsjinst meitsje in protte minsken fan de gelegenheid gebrûk om elkoar in lokkich en segene nijjier ta te winsken.



Meiwurkers

Foargonger: Ds.H.T.Wagenaar
Koster: Wiebe Brouwer
Oargeliste: Klaske Deinum
Alderling fan tsjinst: Dick Wijbenga
2^e âlderling: Jelle de Jong
Diakens: Hinke Meindersma en Wiebren Jongbloed

